

PARSEBERJOCHT

4 juny 2019

24 oeren deis by Omrop Fryslân: Maartens Alvestêdetocht

Wêr swimt Maarten van der Weijden op it stuit? Hoe drok is it oan de kant? En wa helpt Maarten om safolle mooglik jild op te heljen foar kankerûndersyk? Dat is fan 21 juny ôf dei en nacht op radio, telefyzje, Omropfryslan.nl en de Omrop-app te folgjen. Boppedat kinne minsken yn ruil foar in donaasje oan de Maarten van der Weijden Foundation in plaat oanfreesje op 92.2FM.

De dagen foarôfgeand oan de reuzeswimtocht stjoert Fryslân Hjoed reportaazjes út oer de tariedingen fan Maarten, syn swimmers en de rûte. Dêrneist is op 20 juny om 17.35 oere in kompilaasje fan Maartens tocht yn 2018 te sjen op telefyzje.

Yn it radioprogramma Weistra op wei wurdt op 21 juny fan 16.00 oere ôf talibbe nei it momint dat Maarten om 17.30 oere yn it wetter springt. Fan dan ôf docht Omrop Fryslân non-stop ferslach fan de tocht, oant it momint dat Maarten, as alles goed giet, oer de finish komt yn Ljouwert.

Fryslân helpt Maarten nei de finish

Minsken kinne ûnder de swimtocht yn ruil foar in donaasje oan de Maarten van der Weijden foundation in plaat oanfreesje op 92.2FM. Meidwaan kin troch in screenshot fan de donaasje fia de Omrop-app te stjoeren. Dêrneist kinne minsken in aksje melde op [Omropfryslan.nl/maarten](https://omropfryslan.nl/maarten). Omrop Fryslân besiket oan in soad fan dy inisjativen omtinken te jaan.

De magy fan Maarten

Op snein 23 juny wurdt yn it radioprogramma Buro de Vries praat mei in ferskaat oan minsken dy't belutsen binne by de Alvestêdeswimtocht. In wike dêrfoar, op snein 16 juny, is de Fryslân DOK dokumintêre 'De magy fan Maarten' fan 17.00 oere ôf te sjen op telefyzje. Yn de film wurdt ûndersocht wat Maartens swimtocht docht mei de provinsje en har ynwenners. Berikt dy tocht in nij hichtepunt yn de Fryske alvestêdekoarts?

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

4 juni 2019

24 uur per dag bij Omrop Fryslân: Maartens Alvestêdetocht

Waar zwemt Maarten van der Weijden op dit moment? Hoe druk is het aan de kant? En wie helpt Maarten om zoveel mogelijk geld op te halen voor kankeronderzoek? Dat is vanaf 21 juni dag en nacht op radio, televisie, Omropfryslan.nl en de Omrop-app te volgen. Bovendien kunnen mensen in ruil voor een donatie aan de Maarten van der Weijden Foundation een plaat aanvragen op 92.2FM.

De dagen voorafgaand aan de reuzenzwemtocht zendt Fryslân Hjoed reportages uit over de voorbereidingen van Maarten, zijn zwemmers en de route. Daarnaast is op 20 juni om 17.35 uur een compilatie van Maartens tocht in 2018 te zien op televisie.

In het radioprogramma Weistra op wei wordt op 21 juni vanaf 16.00 uur toegeleefd naar het moment dat Maarten om 17.30 uur in het water springt. Vanaf dan doet Omrop Fryslân non-stop verslag van de tocht, tot het moment dat Maarten, als alles goed gaat, over de finish komt in Leeuwarden.

Fryslân helpt Maarten naar de finish

Mensen kunnen tijdens de zwemtocht in ruil voor een donatie aan de Maarten van der Weijden foundation een plaat aanvragen op 92.2FM. Meedoen kan door een screenshot van de donatie via de Omrop-app te sturen. Daarnaast kunnen mensen een actie melden op [Omropfryslan.nl/maarten](https://www.omropfryslan.nl/maarten). Omrop Fryslân probeert aan veel van deze initiatieven aandacht te geven.

De magie van Maarten

Op zondag 23 juni wordt in het radioprogramma Buro de Vries gesproken met een scala aan mensen die betrokken zijn bij de Elfstedenzwemtocht. Een week daarvoor, op zondag 16 juni, is de Fryslân DOK documentaire 'De magy fan Maarten' vanaf 17.00 uur te zien op televisie. In de film wordt onderzocht wat Maartens zwemtocht doet met de provincie en haar inwoners. Bereikt deze tocht een nieuw hoogtepunt in de Friese elfstedenkoorts?

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.